FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

131008.SteveJobsschool

Foar:
bestjoer en direksje fan de
Master Steve Jobsschool
8601 ZD SNITS

Drachten, 8 oktober 2013

Underwerp: Frysk as *fak* en *fier*taal op jimme skoalle

Rju achte bestjoer & direksje,

Der hat rom omtinken yn ’e media west oer de iepening fan jimme skoalle yn Snits mei’t it konsept Steve Jobsskoalle yn Nederlân in folslein nij fenomeen is. En sa’t it giet mei nije fenomenen, dat ropt alderhanne fragen op. Sa hawwe wy fragen oer it Frysk as *fak* en *fiertaa*l, dy’t wy jimme graach stelle – en koart útlizze – wolle.

Op it roaster dat te finen is yn de ynfo-gids op jimme webside, wurdt yn it drokke programma it Frysk as fak en fier-/ynstruksjetaal alhiel net neamd. It fak is yn it Frysk primêr ûnderwiis in ferplichte ûnderdiel, dêr’t de ynspeksje ek tafersjoch op hâldt. Dêr jilde fêstleine en nei te stribjen kearndoelen foar. Boppedat jildt it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*, dat de oerheid yn 1996 ratifisearre hat yn kêst 8, b, ii stiet de opjefte: ‘Een *aanmerkelijk deel* van het primair onderwijs te bieden in de desbetreffende streektalen of talen van minderheden.’ Dat artikel jildt foar it Frysk en der sil (ek) oan dy betingsten foldien wurde moatte. Om’t wy dêr neat fan weromfine yn it roaster, binne wy nijsgjirrich nei it hoe en wat.

Lykwols binne dat regels en wetten dy’t yn prinsipe fier fan it yndividuele bern ôf steane. Eltse skoalle stelt op syn eigen wize it bern foarop. Jimme dogge dat oan ’e hân fan in fyftsjintal beloften oan it bern. De alderearste is dat jimme tasizze nei it bern te harkjen as it oanjout wat er leare wol. Wannear’t der in bern is dat it Frysk mûnling en skriftlik (goed) leare wol, hawwe jimme dan de middels en de kunde om dêr op in adekwate wize yn te foarsjen? Hokfoar middels soene jimme dêrby ynsette? Is der genôch materiaal beskikber foar op de *iPad*?

Oan ’e oare kant is it ek sa dat it learen fan in twadde taal hiel goed is foar in bern. Soks is sels wittenskiplik oantoand. In twatalige opfieding is sosjaal sjoen o sa fan

belang foar bern, om't hja op it skoalplein en dêrbûten harren yn beide talen, it Frysk en it Nederlânsk rêde kinne. Mar kognityf sjoen binne der ek gâns foardielen oant te tsjutten. De bern kinne better switsje tusken ferskillende taken en lizze gauwer en makliker ferbannen. Kwaliteiten dy't by oare fakken, tink oan bgl. rekkenjen/wiskunde fan grut belang binne. Hoe sjogge jimme dat en hoe soene jimme dêr yn foarsjen?

Dat oangeande it Frysk as *fak*. Wat is jimme *ynstruksjetaal* by de *oare* fakken? Sit dêr bygelyks ek in deidiel Frysk by sa't op in grut tal skoallen wenst is om te hawwen? Of sprekke jimme it bern oan yn 'e taal dêr't er him yn uteret, mei't jimme in spesifike wize fan ûnderwiis hawwe?

Wy sjogge út nei jimme reaksje en antwurden op ús fragen.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*,
drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*